

Jan Gulmans

- (1) O nommel bruorrepear ! elts' mûle moat ferstomje,
Mar do silst libje, al is lang 't bien fermôde (S 18)
- (2) En gjin mem fersoarge har berntsje sa trou
As beppe, goeminske, har sprútsje*. (S 19)
- (3) En in stille weemoed komt myn herte binnen,
As 'k tink oan dy, te ier fan 't ierdske skaat ! (S 23)
- (4) De weagen komme en batskje tsjin it haad,
De skippen geane stil har gledde paad. (S 24)
- (5) No 't de apelbeam blomket yn heechste pracht
En de fûgels sjonge by dei en by nacht,
Wa soe dat ferneare kinne ? (S 26)
- (6) Hoe strielet dyn antlit, hoe slacht dy it hert,
As soe it fan leafde ferbliede ! (S 28)
- (7) 't Is djirheintiid. Troch 't bûthús rattelt lûd it kret,
In sturttou giselt en mei amers slacht de faam. (S 31)
- (8) Hoe lûkste ús oan, hoe hâldste ús fêst,
O ljocht fan see en sinne* ! (S 36)
- (9) O simmers-ein, neijiers sêft-droev'ge tiid. (S 37)
- (10) De wjerskyn bliuwt, hoe djip de tiid fersinkt. (S 43)
- (11) O leaf fermaak ! Dat wrot en boddet deis (S 53)
- (12) O, stille snein, o dei fan dicht en dream !
O, gouden lok, te rêd ferrûn* ! (S 55)
- (13) O feinten, o freonen, it libben is koart
En faai binn' de flechtige oeren ! (S 60)
- (14) En fan fierwei in stille freugde
Giet oan it drôgjend each foarby. (S 63)
- (15) Alles betsjont hja,
dy moaie, leave. (S 67)
- (16) Fan 't deiske stribjen kinn' gjin fâlden bliuwe,
Hja wurde wei as tearkes fan in stream. (S 68)
- (17) I t ljocht it moaist op ierd' ? It is it libben sels,
De krêft dy 't alles driuwt ! (S 74)
- (18) Wêr is de noft oan 't lytse minskbestean,
Oan blom en krûd ? Moarn is't fan de ierde slein ! (S 81)
- (19) 'k Sil út dizze kriteren bliuwe
Dan allinne as byld noch bliuwe
En 't heelal ta wente ha*. (S 84)
- (20) -Hasto 't lân fan jonge langstme
't Hege lok op ierde fûn ? (S 87)
- (21) Mar yn 't hert bliuwt fan har skynsel
Glim fan swiete mimer nei. (S 95)
- (22) It hat syn ein as 't iv'ge einje soe ! (S 113)
- (23) Oan grêftswâl yn foarse gerzen
Libbet groeikrêfts iv'ge stream; (S 121)
- (24) Ik seach de tiden gean,
En fiede my, fêst oan'e grûn,
As ieuwen oer hjir stean. (S 127)
- (25) Myn freonen, dy' t de dea bestie-

- nen, grut troch swierste tocht, (S 131)
- (26)Wy meitsje beide ús plak noch wol skjinn,
Hawar dan, de beage leit ree ! (S 149)
- (27)Hast stjert it wei. Kom, lit ús gean:
It waarme hûs bidet syn bern. (S 151)
- (28)En as de frou er net is dy't it libben tôle,
Sa is er de mem, dy't it jimmer jaan sil,
Siele, dy't slachten omfettet. (S167)
- (29)En doe 't ús hannen de klaver skearden,
Troch ús fingers de kerlen rûnen, (S 170)
- (30)As 'k ienkear skiede moat -- in ljochte dei
Yn maaietiid wie my it lichtst -- (S 181)
- (31)Dwylwegen nolck ! O wyld bestean !
O frjemde tochten' djippe saad ! (185)
- (32)En ta it witten fan'e siele kaam
Wat ea it weevjen fan'e raaien droech. (S 187)
- (33)In klompke libben dat wringt en rikt
Yn begearens twang ferlern*. (S 200)
- (34)Ik bin in âldeflich hearke,
Dat stapt troch it jonge park; (S 197)
- (35)En effen sjoch ik op; it each ferbynt,
Mar it betinken mear. (S 215)
- (36)O lok, noch ljochtste wei te gean
En ierde'goede skien te sjen ! (S 219)
- (37)Ferstoarne geslachten' wêzens skyn
Stiet bûten tiid en stee. (S 223)
- (38)Mar as de klok begjint te lieden -- sa riist it foar my op --
Soe der dochts net wat trilje kinne yn dy oare stompen en
spitskes, sa 't hja fier yn it rûn my kundich wienen* ? (S 232)
- (39)Ik set my iepen foar jimm' eagen del,
Sa mar in feint yn 't grutte stik betrutsen. (S 241)
- (40)As wy fuortgean -- oer bliuwt libben en ljocht,
Oant fersinke himmel en ierde.
Dan mei'de Uneindige riede. (S 247)
- (41)En de jonge dichter, yn wa de hertstocht fan Gysbert libbet,
sil wer de plompen mei de fûsten oprôle sjen as de Ivige de
wjittering skjinnet. (S 285)
- (42)Wy drage it mei yn ús ûnthâld
In libben barrens stik,
Mar fêster wierheit hat it wûn
Yn ivichheids beskik. (S 311)
- (43)Om te sjongen net, om te skriemen net;
Mar om stil yn it ynderlikst op te gean
As in skimke fan ivichheid. (S 329)
- (44)'k Bin oars as tsjinner net fan frjemde krêft,
Dy' t yn my waachst nei 't bliere deiljocht ta. (S 343)
- (45)Mei tûzen triedden hâldt my fêst
Wat om my weeft en tilt (S 349)
- (46)- Dan triuw' hja stil de liereman
Har gave yn' e hân,

- En sjugg' him faaks noch effen nei
As er strampelt troch 't lân. (S 357)
- (47)O groede-suster, ierde-mem, god-ljocht, (S 373)
- (48)En om my hinne lei de ierde, ryk;
Dêr hie' k myn stee as einierd bouwersman. (S 393)
- (49)As weagen komt it op my oan
En nimt myn sinnen mei,
It tilt my op, ik jou my oer, (S 403)
- (50)En as ik jo net betankje
Just yn 'e slippe,
Tink dat ik it probearje
Mei myn graniten lippe*. (S 438)